



FAN IT BESTJOER

Nei ús lêste jûn op 7 op maart binne wy as bestjoer eins fuortdaliks oan 'e slach gongen mei it gearstallen fan ús jûnen foar dit seizoen. Wy tinke dat wy in pracht programma foar jimme hawwe en sjogge der nei út dat de seal wer fol sitte sil.

Wy ferwolkomje jim graach wer op ús earste jûn op 7 novimber o.s. yn Hotel Oostergoo.

It deistich bestjoer wurdt foarme troch Margje de Jong (foarsitter), Lutske Melein-Kooiker (skriuwer), Bart van der Wijk (ponghâlder), Bauke Lageveen en Jentsje Hofstra meitsje it bestjoer folslein.

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.

Ynformaasje: Pr. Beatrixweg 1, 9001 JM Grou, tillefoan 06-5112 3621. Wizigingen yn bygelyks it wen- en/of emailadres kinne jo trochjaan op ynfo@stiftinggrou.nl as fia it ynformaasjeadres.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2024 – 2025

Tongersdei 7 novimber.

We begjinne dit winterskoft mei de skiednis oer in Grouster boer. **Meine Siebenga** docht ferhaal oer it melken mei de hân op de pleats yn Grou, nei it robotmelken yn de polder by Lelystêd.

Nei it skoft sille we ús ferpleatse nei dûnsmusyk út de jierren 60. De seal wurdt in bytsje rommer makke foar “ **Bauke’s Bluesband** “ ! **Bauke de Jong** sil mei syn soannen Remko en Hendrik Jan, omkesizzer Romke de Jong en oaren, foar ús spylje. It ferhaal fan de Bluesband sil dien wurde troch Klaas van den Berg.

Tongersdei 12 desimber.

Wêr komme de paden fan bankman **Jan Feike Hoekstra** en amtner **Pieter Engelsma** byelkoar. In apart ferhaal fan twa Grouster jonges. We binne tige benyd.

Tongersdei 16 jannewaris.

Wytze Kaastra sil fertelle oer syn bedriuw Indu- Con.

Nei it skoft krije **Jan Sikke en Teatske Jongsma** it wurd. 30 jier belutsenheid efter de skermen fan Sint Piter en it mearke. Se nimme ús mei yn de tarieding en oankomst fan Sint Piter en fansels it mearke sjoen fanút it schminken en it fersoargjen fan de klean.

Tongersdei 6 maart.

De lêste jûn fan dit winterskoft sil **Lutske Melein – Kooiker** fertelle oer it libben fan har heit Wytze Kooiker, hikke en tein yn Grou.

Nei it skoft fertelt **Lútsen Melein**, skoansoan fan Wytze Kooiker, oer de skiednis fan it Transportbedriuw Kooiker.

Ferslach fan it winterskoft 2023-2024.

Op 2 novimber 2023 is de earste jûn wer fan de Stifting Grou.

Yn de iepening hallet Margje noch efkes it hastich ferstjerren oan fan ús bestjoerslid Anne de Jong. Anne wie altyd it fertroude gesicht by de doar en hjitte elts wolkom mei har bliere gesicht. Anne siet fanôf 1994 yn it bestjoer fan Stifting Grou. We sille har tige misse.

Ús gastsprekker is jûn Ale de Jager, foar elts bekind as Ale “de fisker”.

Der binne hjoed noch mar 12 beropsfiskers yn Fryslân, wer foarhinne 70 beropsfiskers wiene.

Ale syn gebiet is de Swette, de Pikmar, de Ie en de Ald feanen. Ale is al 42 jier fisker en syn soan Hindrik sil him opfolgje. It is lichaamlik tige swier wurk. Wy krije earts it ferhaal oer de skiednis en it libben fan de iel. Tsjintwurdich binne der tige strange regels by de fiskerij, om de stân fan de iel te behâlden. Der is in kwotum yn de fiskerij wer els him oan hâlde moat. Ale levert iel oan ferskate restaurants en syn frou hat in winkel yn Reduzum wêr in soad rikke iel ensf. ferkocht wurdt. Hjoed-de-dei kinne de fiskers op in ienfâldicher manier fiskje, it elektrofiskjen. It pleatsen fan fûken is swier wurk en der is in soad skea fan de otter. Dy fret ek aardich wat fisk op en se ferniele de fûken. Fansels hat Ale ek konkurinsje fan sportfiskers en net te ferjitten, de streupers. Ale kin hjir smoate ferhalen oer fertelle. De snoekbears is in tige wylde fisk op ‘e kaart fan de restaurants. De rivierkreeft en de wolkrab sitte ek faaks yn de fûken. Dy wurde ferkocht oan de chineeske restaurants.

Yn it skoft is der in ferlotting. It bestjoer hat 10 pûn iel kocht en de stipers ha by de yngong allegear in lot krigen. Margje en Jentsje geane troch de seal, de lotsjes wurde lutsen en sa binne der minsken dy dizze jûn tige bliid mei in pûn iel nei hûs gean. Nei it skoft krije we noch in filmke te sjen oer de fiskery fan Ale, hoe as hy de fûken leech hallet .

Oan ‘e ein fan ‘e jûn kin elts noch rikke iel keapje by Ale. It wie wer in tige slagge jûn en Ale wurdt betanke troch Margje en fan de seal kriget Ale applaus.

Op 14 desimber 2023 hjit Margje de oanwêzigen tige wolkom op de twadde jûn fan de Stifting Grou. Liuwe van der Meer ús sprekker.

Liuwe hat learaar skiednis west en is alhiel yn de besnijing fan de histoarje fan stinzen en states.

We begjinne mei de Van Sytzama’s út Friens. Hja wennen op Beslinga State. Dizze State stie yn Friens tsjinoer de tsjerke, wer’t no in stik ôfgroeven lân is. Hjir wenne de famylje yn de simmer. Yn de winter wennen de van Sytzama’s yn Ljouwert. Se hiene in hûs op de Brol. Jetscke Arends trout mei Douwe van Sytzama yn 1573. Douwe wurdt yn 1578 Grytman fan Idaerderadiel. De Grytman sprekt rjocht yn Reduzum, Grou en Wergea. Hy is ek dykgraaf fan de Leppa en en hy leit de grutte dyk oan fan Jirnsum fia Raerd nei Tsiengerbuorren.

Yn 1620 is de grutte pleats mei it langhûs ôfbrutsen en der komt in nije State op itselde plak. Der binne noch wol beskriuwingen fan it hûs . Men kin sjen dat der gatten yn e muorre makke binne , wêr downen yn fleane kinne. Doetiids hâlde men downen om op te iten. Yn de winter wenne de famylje yn de stêd. It wie dan in grutte ferhuzing. It behang fan út de State waard sels meiferhuze nei it winterferbliuw. Hiel bysûnder. Der komme hiel wat nammen foarby en dan belânne we by Pier Sytzama. We krije in pracht ferhaal te hearren, hoe it yn dy tiid om-en-ta gie as men fereale rekke op in famke wêr’t net els it mei iens wie. Pier rekke fereale op Foockel van Eysinga. Se wie wees en berne op Jousmastate yn Wurdum. Op Moandei 11 desimber jûns kamen de mannen út Raerd en Wurdum mei in grutte smidshammer, bilen, gewearn en heafoarken nei de State, op syk nei Pier en Foockel. Se helje it hiele hûs oer de kop. De wynkelder, de skuorre. De frou en de dochter fan de boer waarden bedriege. Ek de pleats neist Beslinga State waard trochsocht. Se hawwe Pier en Foockel lokkich net fûn. Dy wiene al warskôge en út Friens wei flechten. Op 27 maaie 1649 binne Pier en Foockel troud. Harren soan is berne op 17 novimber 1649 en ferstoar yn desimber 1649. In tryst ein, mar Liuwe hie mei syn ferhaal de hiele seal yn ‘e besnijing.

De lêste eigener is Maurits Baron van Sytzama 1828. De De State is ôfbrutsen en der komt in “landhuis” De lêste bewenner is ek de earste grytman fan Idaerderadiel 1828-1848. Hy wurdt letter gûverneur fan de Kening fan Fryslân. Syn soan Eysa baron fan Sytzama wurdt dan grytman.

Yn 1848 stjerit Maurits en komt de State leech te stean. Der binne warskynlik gjin keapers en de State wurdt ôfbrutsen.

It ferhaal giet fierder oer de Roorda's en de Scheltinga's út Idaerd. Hjir stie Friesma State. Friesma State is warskynlik rûn 1625 ûntstien. Troch erfskip kaam it yn hannen fan Carel van Roorda út Grou. It wie mear as in gewoane pleats. Yn 1670 komme de earste Scheltinga's op de State te wenjen. De State waard letter ferhiert oan ferskate grytmannen. Yn 1678 oant 1692 wenne hjir Ubo baron van Aylva, grytman fan Idaerderadiel. Ek Cornelis van Scheltinga wie grytman fan Idaerderadiel fan 1763 oant 1795. De lêste grytman wie Cornelis Bergsma, famylje fan de Scheltinga's. Der binne ferskate famyljeportretten, meubels, sulver en porslein út dy tiid yn musea bewarre bleaun. It goudlear behang is yn It Loo belâne.

De Scheltinga's ferbleaune yn de winter ek yn Ljouwert. Hja hiene in hûs oan de Twabaksmerk, it Haersmahuys. In fryske boer, Doeke Hellema hat ferskate deiboeken skreaun oer Carel van Roorda. Jo kinne dit neilêze op internet.

Dit wie wer tige moaie jûn en Liuwe wurdt betanke troch Margje en fanút de seal is ek grut applaus.

18 jannewaris 2024 de 3de jûn fan de Stifting

Lutske iepenet de gearkomst, Margje is ferhindere, en hjit elts wolkom. De seal sit wer grôtfol, net tsjinsteande de glêdens.

We hawwe jûn twa sprekkers : Jan Keuning en Yede van der Veen.

Jan keuning begjint syn ferhaal mei in foto fan 60 jier lyn, syn earste optreden mei it skoalleorkest yn de seal Oostergo. Yn 1952 komt Jan mei syn heit en mem en Anke en Tony yn Grou te wenjen yn de Pastorij fan de Doopsgezinde gemeente. It hûs stiet oan de Nesserdyk nûmmer 19. De neiste buorlju binne de famylje Tichelaar en dêr tsjinoer, oan de oare kant fan de strjitte, de Famylje Feike Hoekstra. De famylje Keuning wenne noch mar krekt yn it hûs oan de Nesserdyk as Sjoerd Budstra stie al op de stoepe. Sjoerd sei: ik ha altyd by de Famylje Pasma yn tsjinst west en no kom ik by jimme. Dat wie gewoan in feit! Sjoerd Budstra wie frijfeint en wenne by syn suster Janke Budstra oan it Halbertsmaplein. Sjoerd poetste de skuon , skylde de jirpels en die de boadskippen. En der siet in regelmjittich systeem yn. Dêr koene jo net fan ôfwike want dat sinde Sjoerd net. Jan hat dierbere oantinkens oan Sjoerd, dat sjogge we op de foto's. Sjoerd gie mei Jan te kuijerjen lâns it kanaalsdykje oan't de spoarbrêge ta. Dan nei de pleats fan de famylje Hosper en werom nei hûs. Sels nei Jirnsum rinne wie net in beswier. Sjoerd gie ek mei dûmny nei oare plakken te preekjen. Sjoerd en de dûmny sa't Sjoerd sei. Der binne ek noch prachtige brieven bewarre bleaun fan Sjoerd, skreaun oan dûmny Keuning. Yn 1978 is Sjoerd Budstra ferstoarn.

Jan syn heit ,dûmny Keuning, wie meer mediator as dûmny. It hûs wie bytiden ek in krisis-opfanghûs. Jan fertelt noch oer syn skoalletiid yn Grou en letter yn it Hearrefean. Wat by Jan ek grutte yndruk makke, wie de brân by Halbertsma op 11 juni 1960. De grutste brân fan hiel Fryslân. Yn 1967 is de famylje Keuning nei Âldeboarn ferhuze.

We krije no yn it koart it libbensferhaal fan Sjoerd Budstra te hearren mei prachtige foto's fan Sjoerd yn syn jonge jierren. Yn de jierren '30-'45 wurke Sjoerd Budstra by Hotel de Kroon. Dat wie in ferneamd Hotel wer gâns bekinde artysten, skriuwers en keunstners in nacht trochbrochten. Jan hearde in kear dat der in portret makke wie fan Sjoerd. Dit makke Jan tige nijsgjirrich en it krige him yn de besnijing. Wierskynlik is it portret makke troch Piet van der Hem, in ferneamd keunstskilder. We folgje Jan op syn syktocht nei it skildery mar oan't de dei fan hjoed is it skildery noch net boppe wetter. Miskien moat de ferneamde "Indiana Jones" fan de keunstwrâld, Arthur Brand, noch ris op syk nei it skildery.

Ta beslút lit Jan ús syn samling sjen fan wat hy neamt , it grutste museum fan Grou yn Dimter.

Etsen, skilderijen, mar ek leppeltsjes, faaskes, tegeltsjes , boardsjes ensf. En net te ferjitten 400 ansichtkaarten. (in konkurent fan ús Bauke).

Jan Keuning hie in moai ferhaal oer syn tiid hjir yn Grou en it libben fan Sjoerd Budstra.

Lutske betanke Jan foar it boeiende ferhaal mei it applaus fan de stipers út de seal.

Yede begjint syn ferhaal nei it skoft, oer it Grouster Skûtsje.

We krije prachtige bylden te sjen fan de skûtsjes om Grou hinne. It kanaal wie der doe noch net.

De start wie by de Golle, dan nei de Houtmole, de Pikmar op en werom nei de Golle. Der diene in protte skippen mei. Elts wa't in fracht- as beurtskip hie, die mei. De ferneamde Pekema wurdt wer neamt as de skipper dy tefolle priizen wûn en úteinlik yn 1884 útsluten waard fan de wedstriden. Yede hellet it ferhaal oan fan wat Harrie Amsterdam die op in eardere jûn fan de Stifting.

Letter kaam der diskusje oer de skûtsjes. Der wiene net mear genoch beurt- en frachtskippers dy't meidiene oan de wedstriden. Dhr. Buisman, bûterkeapman út Ljouwert, hat doe war dien om it skûtsjesilen wer nij libben yn te blasen.

Yn 1926 wiene der wer 15 skûtsjes oan de start en ek wie dat wer oan de Golle. Ien fan de ferneamde skippers wie doe Sytse Sytsma.

Yn 1929 wurdt de Skûtsje Kommisje Grou oprjochte en Sytsma wûn de measte priizen.

We sjogge no in prachtige foto fan de Grouster skipper, Bouke de Vries, mei syn frou Gels en soan Hylke "doaze". Op de eftergrûn sjogge we de arke fan de fisker De Jong en de huzen oan de Marswei.

Yn 1957 wurdt der troch de kommisje in skûtsje kocht. It wie Bouke de Vries syn skûtsje, mar skipper waard Ulbe Zwaga. Ulbe wurdt 7 x kampioen mei it Grouster Skûtsje. De bemanning bestiet ûnderoaren út Lammert Zwaga, Jan de Wal en Gerrit Boersma. Letter komt Yede ek op it skûtsje, faaks oan de fok.

Yede fertelt no it ferhaal oer it ree meitsjen fan in skûtsje en wat der allegearre by komt te sjen.

It seil wurdt alhiel behannele, it tanen fan it seil. De ûnderkant wurdt tarre, ek net sok noflik wurk. En dan it "potleatsjen", dat is om it skûtsje glêd te meitsjen. San glêde kant is dan wer lestich as je om geane mei it spul. Dernei kaam de tiid dat de skûtsjes ferlengd waarden en krigen se gruttere seilen. Oare tiden. It lêste byld is fan Yede oan de Fok.

Yede wurdt betanke troch Lutske en kriget grut applaus fan de stipers. It wie wer in moaie jûn.

Elts wurdt in moaie Sint Piter tiid tawinske. Wol thús en oant sjen op 7 maart.

7 maart 2024, de lêste jûn fan dit winterskoft. Wer in seal fol stipers.

Margje hjit eltsenien wolkom en de twa sprekkers Lústen de Jong en Últsje Hosper. Der sitte ek aardich wat famylje en kunde fan harren yn de seal.

Lútsen begjint syn ferhaal nei oanlieding fan it boekje dat by beppe Tsjikke weikomt.

Hjir stean sa'n 85 reizen yn beskreaun fan syn oerpake Roel Feenstra rûn 1900 oant 1904. We krije te sjen hoe as it libben om-en-ta giet op sa'n tsjalk. Hokker fracht der ferfierd waard. Faaks wennen se ek mei in grutte húshâlding op sa'n skip. Somtiden hiene se wol alve bern, mar der stoar ek wol ris in bern op jonge leeftyd. De bern rûnen likegoed yn 'e beache, krekt as de skippersfrou. Der binne hiel wat terpen ôfgroeven en dy grûn waard dan wer by boeren brocht. Sa koene se harren lân dermei opheegje. Nei 1870 kaam de yndustrialisaasje. Oare fracht: turf, moal, stien, sûkerbyt en ierappels. Mar ek wylgetiennen alhiel út Hardinxsveld/Giessendam.

De skippers giene troch hiel Nederlân. As men op de Isel tsjin de stream yn farre moast, wie der in stoamboat foarop, dy't in hiele rige skippen op sleeptou hie. En as men rom wyn hie dan skeelde dat samar in pear dagen yn faartiid. In moai ferhaal is ek de ferhuzing fan dûmny Boersma fan Keedechum nei Reduzum. De hiele húsrje gie mei op it skip. Dûmny wie in oprjochte S.D.A.P.er. It kafee "de blauwe tinte" is út dy tiid. De lêste jierren doe't de famylje net mear skipper wie, wennen hja yn Grou oan it tsjerkepaad. En dan sjogge we noch in hyper nijmoadrich grut skip, in Ecoliner. Sa sille we yn de takomst de skippen op it wetter sjen.

Lútsen wurdt betanke troch Margje foar syn tige nysgjirrich ferhaal en applaus fanút de seal.

Yn it skoft kriget elts sa as gewoanlik, de lêste jûn, in stikje Oranjekoeke en kin elkenien wer efkes meielkoar byprate.

Nei it skoft trúnt Margje de minsken oan om wer harren plak yn te nimmen en dan krije we it ferhaal fan Ûltsje Hosper.

Grou wie fan oarsprong in doarp fan fiskers en boeren. It doarp wie eartiids ek ôfsluten. Lykas Wergea, Warten, Aldeboarn en Irnsum. Der wie rûnom wetter en dyken wiene der doe noch net. Alles gie oer it wetter fan en nei de boeren. Troch de ferfeaning feroare der in soad yn de Wyldlannen en healannen. Ûltsje lit ús âlde kaarten sjên . De pleatsen wiene yn dizze omkriten yn besit fan de Van Sminia's en keapman Gosselik Lykles. Mar ek menisten, lykas de famylje Halbertsma en Buisman hiene pleatsen. Yn 1920 kaam it Woudagemaal.

Yn 1930 kaam it Fryske Gea en Princehof. De provinsje woe dit ek ynpolderje mar de famylje Halbertsma en de sylferiening Oostergoo wie der poer op tsjin. Se hawwe it op in akkoartsje goait en de Alde feanen is en bliuwt reakraasje- en natuergebiet. Nei de oarloch kaam de ruilferkaveling en de dyk nei Wergea en Warten. Yn en om Grou wiene doetiids 70 boeren en 34 koumelkerijen. We sjogge no de pleats Lyts Jongema State. De pleats wer Ûltsje grut brocht is. Dit wie ek in meniste pleats. En de pleats "Graalda" fan de Kaastra's. Ûltsje fertelt fan de moaie aventoeren op de Kaastra pleats, dy't hy belibbe mei alle jonges fan de Stasjonswei.

Yn 1980-81 waard de pleats Lyts Jongema State ôfbrutsen. De Rykswei waard oanlein en der kamen wenningen. Fan de 70 pleatsen binne der yn de omjouwing 18 ôfbrutsen. Der binne noch 12 pleatsen oer . 40 pleatsen hawwe in oare bestimming krigen. Yn it lêst wiene der gjin boerebedriuwen mear op de Burd en It Eilân. It hjit no "Nationaal Park de Alde Feanen". Ek yn it hôflân binne wenbuorkerijen kommen. Yn it doarp Grou binne ferskate sylferienings kommen : Oostergoo, Frisia, Lyts Frisia, GWS. Grou is hjoed-de-dei in wettersportdoarp. Simmers is it hjir drok mei toeristen.

Margje betanket Ûltsje foar syn ferhaal oer de feroaringen yn ús doarp, troch de jierren hinne. Eltsenien wurdt in moai simmerskoft tawinske en oant sjen yn novimber.

DE FOLGJENDE PERSOANEN BINNE ÚS ÛNTFALLEN YN IT TIIDREK 2023-2024:

Cor Bos ferstoar op 29 septimber yn âldens fan 90 jier.

Op 14 oktober kaam in ein oan it libben fan **Pim Schurink**. Hy waard 84 jier.

Freerkje Postma-Postma wie 90 jier doe't se ferstoar op 27 desimber.

Rinny de Vries van der Kooi ferstoar op 3 jannewaris 2024, sy waard 83 jier.

Rom 94 jier waard **Sikke Postma**, hy is ferstoarn op 20 april.

Tholly Jellema – Rinzema ferstoar op 23 april yn âldens fan 93 jier.

Cor Kleinhuis wie noch mar 56 jier doe't der op 21 maaie in ein oan syn libben kaam.

Harm Okkema is stoarn op 23 juni en waard 91 jier.

Op 4 july is ferstoarn **Hiltsje Boerstra**, sy waard 91 jier.

Billa van der Zwaag krapoan 90 jier doe't se ferstoar op 9 oktober.

STIPERS:

J.D.Achenbach, B.Andringa, C.Andringa, **S.Andringa (Raerd)**, **S.A.Andringa**, F.Andringa-van der Pal, J.A.v.d.Baan, F.Bakker, K.vd.Berg, **H. Betten**, **K.Betten**, J.Blaauw (Grins), S.Blaauw (Menaam), **T.Blaauw**, B.de Boer, F.de Boer (Akkrum), J.de Boer (Wytgaard), K.de Boer, S.J.Bokma, D.Booi, **S.Boonstra**, A.Bosch (Ljouwert), J.v.d.Bosch, E.R.Bosma, B.Bouma (Aldeberkeap), **G.Bouma**, **M.Bouma (Boalsert)**, **R.Bouma**, R.Bouma, S.Bouma, T.G.Braam (Epe), N.Brolsma (Akkrum), **R.Brolsma**, U.H.Brolsma (Zaandam), **R.Brouwer**, C.Brouwer-vd.Bosch, B.Bruinsma, N.Bruinsma, **S.Bijlsma (Driesum)**, F.Bijlstra-Visser, J.Castelein, **S.Castelein (Jorwert)**, **H.Cnossen**, I.Cornelder-Lageveen, E.R.Dalstra, F.Dam-v.d.Lei (Goïngaryp), P.Dauvellier (Akkrum), J.v.Dellen-vd.Bijl, R.Drenth-de Jong (Rotsterhaule), S.Drijfhout-Kaastra, A.v.Duuren (Ljouwert), A.A.v.Dijk-Smit (Drachten), H.Dijkema-Dijkstra, S.Dijkema, A.Dijkstra-Sikkema, A.M.Dijkstra, I.Dijkstra-Hof (Drachten), **P.Dijkstra**, P.Dijkstra-Adema, **R.Dijkstra-Duiker**, T.Dijkstra-Pijl, U.Dijkstra, **J.Elzenga**, **P.Engelsma**, J.v.Es, W.Faber (Den Haach), **H.Feenstra**, W.Feenstra (Goïngaryp), H.Fokkema-Scholten, J.Fopma, A.v.Galen, **A.Gerlofsma**, J.Gerritsen-de Vries, J.T.v.d.Goot, A.J.Gorter, B.de Groot, T.de Groot, W.de Groot, F.de Haan, G.de Haan, G.de Haan-Smit (Nes), **J.de Haan**, J.de Haan, Y.de Haan-Seinstra, T.Halbertsma (Eastersé), A.Hallema (Mantgum), C.P.vd.Ham, A.Hazenberg, (De Gerdyk), D.Hazenberg, **J.L.Hazenberg** (Haulerwyk), **S.Hazenberg**, J.L.Hazenberg (Sint Anne) N.Heida, A.Heidsma, J.Helder (Drachten), H.Hemstra, J.Hendriks, B.vd.Henst, G.Hiemstra (Boalsert), **H.Hiemstra**, L.Hiemstra, E.Hoekema-Baarup (Súdhorn), **J.F.Hoekstra**, R.Hoekstra-vd.Schaaf, J.H.Hofstra, R.Hofstra-v.d.Berg, J.Hogewerf, A.Holtrop, **J.Holtrop**, J.W.Holtrop, S.J.Holtrop, S.A.Hondema, **S.L.Hondema (Akkrum)**, **B.Hooghiemster-Hoekstra**, B.K.Hooghiemster, G. Hoster (Langwar) ,G.Hoster (it Hearrenfean) **U.Hoster (Oerterp)**, **E.Huininga**, A.Huitema, **J.van Huizen**, J.Hylkema, K.W.Hylkema, G.v.d.Iest (Frentsjer), A.Jaarsma (Paterswolde), B.Jellema, M.Jellema, A.de Jong-Jellema (It Hearrenfean), B.de Jong, G.de Jong (De Pein), **H(a).de Jong**, **H(a).de Jong**, H(i).de Jong, H.de Jong (Haskerhoarne), J.de Jong, L.K.de Jong, **L.de Jong** , M.de Jong, M.de Jong (Boalsert), R.de Jong, **S.de Jong**, S.de Jong-Roodbergen, **T.de Jong**, T.Jongsma-Wester, **W.Jonker (Wommels)**, A.Juckers, **G.Kaastra-Berga**, **M.Kaastra**, A.Keuning (Boarnburgum), J.A.J.Keuning (Dimter), **J.Kiemel**, M.Kingma Boltjes, G.Kleinhuus-Bijlsma, J.Kleinhuus (Lippenhúzen), M.Kleinhuus, R.Kleinhuus (Damwâld), S.Kleinhuus-vd.Vlugt, T.Knol-de Jong, R.Kooiker-Siegers, T.Koopstra (De Jouwer), R.Kornet, **B.Kramer-Eizenga**, Y.Kramer-Postma, **C.Kriege**, A.Kroese, L. Kroese (Harns), M.Kuipers-Lievestroo (Akkrum), **B.Lageveen**, B.Langhout-Hooghiemster, R.Leenstra, **J.Leistra**, J.Leistra-Buikstra, S.E.Leistra (Aldeboarn), T.Leistra-de Jong, **J.v.d.Leij (Wyns)**, F.Leijstra, A.Liemburg, **G.Martens-de Jong**, G.v.d.Meer, **T.v.d.Meer (Noordbroek)**, T.vd.Meer-Deelstra, S.Meester-Bruinsma, D.v.d.Mei, **J.Meinsma-Tasma**, N.Meinsma, E.Meijer, **L.Melein-Kooiker**, **L.Meter-Oostwoud**, **C.v.d.Meulen**, M.v.d.Meulen, A.Miedema-Tjallema, **B.J.Mink**, H.Molendijk, H.Nakken (Ljouwert), J.W.Nienhuis, L.Nienhuis-Boswinkel, M.Nienhuis, T.Nobbe-Biesma, E.v.d.Noord, R.Nugteren, S.Odinga, E.Okkema, G.Okkema, H.Oldenhof, A.Oldenzijl-de Jong (Muntendam), **B.v.Oosten-Sienema**, L.vd.Pal-Woudstra, A.Pasma-Kaastra (Ljouwert), W.Pasma, A.Peenstra (Drachten), H.Ploegsma-Jellema, J.D.Ploegsma, H.Pool, S.Porte, H.Posthuma, **S.Postma**, S.Provily, A.H.Readbergen (It Hearrenfean), **A.Roodbergen-de Jong (Akkrum)**, **H.Roodbergen (Harns)**, N.Roodbergen, H.de Rooij, **J.P.Rottiné**, H.de Ruiter-Postma (Wytgaard), Z.de Ruiter-Postma, M.Rijke-van Tetering, **W.Rijpstra-Sienema**, J.G.v.d.Schaaf, **J.H.v.d.Schaaf**, **H.Schiere**, A.Schoustra, **S.Schouwstra**, A.Sikkema, G.Sjoerdsma (Wergea), J.Sjoerdsma Jzn, **J.Sjoerdsma Wzn**, M.Sjoerdsma (Haren), W.Slauerhoff-de Jong (Modesta USA), H.van Slooten-Heidsma, W.vd.Sluis, **Y.v.d.Sluis (Beilen)**, D.Smit (Ljouwert), K.G.Smit, **T.Snoek**, R.Speerstra-v.d.Meer (It Hearrenfean), H.Spijkstra, J.Spijkstra, **S.Spijkstra**, G.Stellingwerff (Amsterdam), **K.W.Stelma**, T.Stoker (it Hearrenfean), A.Sytema-Stellingwerff, **W.Terra-v.d.Berg**, H.Tichelaar, H.Tichelaar-Jonker, J.Tichelaar (Idaard), M.Tichelaar, **S.Valk-Feenstra**, A.M.v.d.Veen (Skingen), **L.vd.Veen-Terra**, **M.vd.Veen**, **Y.v.d.Veen**, H.van Veenendaal (Bûtenpost), **S.Veenstra-Andringa**, G.Verhoeven, A.Vervat-de Wrede, **D.Visser**, G.Visser-v.Stralen, J.Visser-Poppinga, R.Visser, T.Visser, **S. de Visser**, **M.Vissia** (H.I.Ambacht), H.Vochtelloo, **H.Volbeda-Yntema** A.Vollema, H.Vollema, (De Lemmer), A.Vonk-de Jong (Balk), A.de Vries, A.de Vries-Terpstra, G.J.de Vries (Boksum), J.de Vries, J.de Vries (It Hearrenfean), **J.de Vries**, K.de Vries, **R.de Vries**, R.de Vries (Wolvegea), R.de Vries-Krist (Wolvegea), T.de Vries-Veenstra, J.Wagenmakers (Oranjewâld), **D.de Wal-Tienstra**, **P.vd.Wal**, R.J.de Wal, W.Wapstra (Duiven), **R.Wartena**, M.v.Welsen-Heinis, H.v.d.Werf, H.Wessels-Deelstra, A.Wester, G.Wester, D.J.Wiersma, **J.de Winkel**, **S.Witteveen**, **F.de Wolf (Akkrum)**, T.G.de Wrede (Aldeboarn), **A.Wijbenga**, B.vd.Wijk, R.Zwager, L.Zwerver (It Hearrenfean), L.Zwerver (Snits).